

Remember the
Sabbath day,
to keep it
holy.

Exodus 20:8

LITURGY FOAR DE TSJINST
OP 27 AUGUSTUS 2023
YN 'E ST. JAN FAN DEINUM

ÂLDERLING FAN TSJINST/LÊZER: JAPKE WIERSEMA

OARGELIST: LUCAS WIERSEMA

FOARGONGER: PIET FORTUIN

OARGELSPYLJEN

WOLKOM EN MEIDIELINGS TROCH DE ÂLDERLING FAN TSJINST

YNTOCHTSLIET: 280: 1,2 EN 3

STIL GEBED, FOTUM EN GROET

SJONGE: 280: 5,6 EN 7

SONGEN KYRIE EN GLOARIA: 299j:1,2,3 EN 4

DE TWA GEBOADEN

SJONGE: 320:1,2 EN 3

FERHAAL FOAR JONG EN ALD

GEBED BY IT IEPENJEN FAN DE SKRIFT

SKRIFTLEZING: EXODUS 20:8-11

8Tink om 'e sabbatdei, en hâld dy hillich. **9**Seis dagen silst arbeidzje en al dyn wurk dwaan. **10**De sânde dei lykwols is in sabbat foar de Heare, dyn God. Do meist dan hielendal gjin wurk dwaan, do net, dyn soan of dochter net, noch dyn slaaf of slavinne, noch dyn fee, noch de frjemdling by dy yn 'e poarte. **11**Want yn seis dagen hat de Heare de himel en de ierde makke, de see en alles dat dêryn is en Hy rêste de sânde deis. Dêrom hat de Heare de sabbatdei segene en dy hillige.

SJONGE: 310:1 EN 2

PREEK



SJONGE: 8b:1,2,3,4 EN 5

TANKBEA, FOARBEAEN, STIL GEBED, IT 'ÚS HEIT'

Ús Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.

OMTINKEN FOAR DE KOLLEKTES

(Troch de diaken fan tsjinst.)



SLOTLIET: DER RÛZET IN NAMME:1,2 EN 3

(Oersetting: Gerben Brouwer)

1.
Der rûzet in Namme_as in harpe sa tear:
dy Namme bringt himel en ierde wer gear:
tegeare feriene troch d'lene yn't liet,
dat siongt en dat treast as de wille_ús fergiet.
Hearsto, hearsto dy Namme net?
't Is Jezus de Kening, de hoop fan myn hert.

2.

Dy Namme_is yn wierheid ús ivich behâld.
Hy kaam út 'e himel en stoar foar de wrâld.
Dêr joech Hy syn hert doe't it breek as in brea,
dêr fûn Hy syn grêf en ferrize_út 'e dea.
Sjong dan, sjong dan: Jezus, Hy wie 't,
dy't om ús te rêden de himel ferliet.

3.

Mar ienkear gean himel en ierde foarby;
dan brekke de loft en alles wurdt nij,
dan skoddet de wrâld en fergiet it hielal.
O song dan dyn stimme_oan 'e see fan kristal.
Hillich, hillich, hillich is Hy,
dy't kaam om te rêden, de Rêder fan dy.

SEGEN, OFSLUTEN MEI LIET 425

OARGELSPYLJEN

